

K ALINDER 2025		
Sneon 18 Jannewaris 2025, 14.30 oere- úterlik 19.00 oere	Jearegearkomste, 2025 Nijjiarsgearkomste mei: Gerrita Otten as Kwismaster; Snert iten Ta beslút neffens tradysje!	Seal Ichtuskerk, Stati- onsweg 17, 2411CK, Boadegraven
Sneon 15 Maart 2025, 14.30 oere.....	Ledegearkomste mei: "ELKAARS AN- DERE" troch Froukje Reitsema en Margriet Kemper	Seal Ichtuskerk, Stati- onsweg 17, 2411CK, Boadegraven



Fier fan Hûs
Fryske Krite Bodegraven e.o.
Raaigras 22, 2411 DW Bodegraven



Jiergong 29, 2024-2025
Desimber 2024

GEARSTALLING FAN IT BESTJOER

Foarsitter	Klaasje. de Vries-Suurd	Herbarenerf 30, 2743 HA Waddinxveen till. 0182-613842; E: klaasjesuurd@hotmail.com
Ponghâlder en 2^{de} Foarsitter	Theo. Schiere	Buitenkerk 64, 2411 PC Boadegraven till. 0172-612455; E: z.schiere@kpnplanet.nl
Skriuwer	Tini. Broere-Tiesinga	Raaigras 22, 2411 BW Boadegraven till. 0172-615129; E mail fan de krite: frys-ke.krite.boadegraven@gmail.com .
Redaksje	Marjan Woudstra	Ronsseweg 3-105, 2803 ZA Gouda till. 0182-532886; E: marjanwoudstra@gmail.com
Leden	Annie Schiere-Bouma	Buitenkerk 64, 2411 PC Boadegraven till. 0172-612455; E: z.schiere@kpnplanet.nl
Sjongkoar	Geeke. Sprokkerieft-de Boer	Eendrachtsweg 12, 2411 VL Boadegraven till. 0172-611133; E: gsprokkerieft@casema.nl
Boekeferkeap	?	
Earelid	Klaasje van der Meer	
Kontribúsje	€ 10,00 de persoan, oermeitsje op REGIObank: NL79 RBRB 8843 1626 91 tnx	

Fryske krite Fier fan Hus




It moaie wie ek noch dat Henny oansprutsen waard troch in trouw stel dy har gesin noch goed koe. Se wisten dat Henny's broers en ienichste suster al ferstoarn wiene.

Jout dochs wat om ris te ferteljen, fandêr myn tasizzen om sa no en dan in stikje te skriuwen foar it "Meidielingebled".

Johannes Larooi.

In tapaslik blomke, út hannen fan Hâns Dijk, foar Henny en Johannes Larooi foar harren 60 jierich houlik.



It Bestjoer fan de
Fryske Krite "Fier fan Hûs"
Boadegraven e.o
winket alle leden
en harren famylje
**IN LOKKICH EN
SÛN 2025!**

In aardige gewaarwurding.

Henny en ik wiene yn july 2023 sechstich jier troud. Dat is prachtich en yn tinzen giesto dan ris yn de tiid werom. Sels hâld ik fan skiednis, dus dêr oan tinkend is 60 jier lyn ek al wer in stikje skiednis.



Wy hierden yn dat jier in bungalowtsje yn Sumar by de Burgumermar. Earder war dat wol Lyts Switserlân neamt.

In oanrieder, bungalow 17A, spesjaal foar âlderen en wol oan de râne fan it Prinsesse Margrietkanaal. Net djoer yn it foarjier en 'e hjerst, fergelike by dy grutte parken. Doe't wy dêr sieten sei Henny tsjin my: "Ik soe eins noch wolris in kear nei de tsjerke yn Bûtenpost gean wolle", dêr wê-wêr't sy wei komt en wêr wy troud binne. Sa sein, sa dien. Wy kamen dy sneintemoarn yn de tsjerke fia in kofjeromte. Immen seach fuortendaliks dat wy, yn har eagen, fremden wiene. Der folge in hertlike ûntfangst en wy koene kofje meinimme

yn de tsjerke. Ik kom der sa op werom.

Men frege wer't wy wei kamen. Ut Gouda wie it antwurd. De dûmny dy der ek yn deselde romte stie, kaam nei ús ta, joech ús de hân en sei dat wy hertlik wolkom wiene. "Ut Gouda?" hearde ik him sizzen, "Ik kom út Bergschenhoek.

Rom 20 km bei Gouda wei". Ek wer nijsgjirrich om te hearren.

Wy namen dernei de kofje mei de tsjerke yn, want oan ús fernuvering wie de tsjerke ynrochte mei tafels en de stoullen derom hinne en derop kofjemolke, sûker/tee. Ferheard om ús hinne sjend fanwege de ynrochting.

Moast dy efkes foarstelle, in tsjerke weryn eartiids 12 à 1300 minsken yn koenen siet sneins altyd 2X fol. Under in grutte tsjerkeseal mei banken en dêrboppe in kreaake, ientsje rjochts en ientsje links njonken it oargel.

Alle banken binne der útsloopt en die snein dat wy der wiene sa'n 130 oan tsjerkefolk, wêrfan 2 bern dy't nei de bernetsjinst giene. Dat wie gâns oars jierren lyn. Wat in gewaarwurding.

Oan it ein fan de tsjinst kaam in man neist my sitten en sei dat ik gjin bekende wie yn syn eachen, mar ik koe sitten bliuwe, want men kaam noch mei de kofje en koekjes lâns. Dat wie sa. Hy koe myn Pake yn Jistrum en wist ek noch dat hy troch in auto ûngemak yn de âldens fan 91 jier om it libben kaam wie. Foar my bysûnder te hearren.

Desimber 2024

FAN DE FOARSITTER

Op in mistiche middei yn de Novimbermoanne fan it jier 2024, set ik my ta it skriuwen fan it foarwurd foar ús Meidielingebled. Yn tinzen bin ik by de man die't foar my dizze iepeningsbledsiden betocht en opskreun hat: Hâns Dyk. Hoe folle jierren hy dat dien hat? Gjine idee. Sa moat ik ek sykje yn âlde Meidielingebleden ensfh. om te witten te kommen wannear ik sels lid wurden bin fan ús Frysk Krite". Fier fan Hûs ". Bodegraven e.o.. Sykjendewei kom ik in slúf jin mei dêryn in -- bewiis fan ynskriuwing as lid-fan de Krite Boade-graven--, mei boppe-oan de fermelding: It Frysk Boun om Utens. Neffens in oantekening dy op it slúf te lêzen is stiet dat ik sûnt 2011 lid bin. Yn de rin fan de folgende jierren learde ik folle leden kinnen en fûn it hiel aardich om ús memmetaal sa no en dan wer sprekke te kinnen! Myn man is nammentlik gjin Fries, mar wol oprjucht! Op in stuit waard my frege of't ik net in plakje yn it bestjûr hawwe woe. Dat fûn ik in hiele eer! Op e' ledegearkomst fan 2015 wurde dizze beneaming offisjeel fêststeld. Tidens it 70 jierig jubileum yn Maart 2015 setten wy meielkoar de skouders derûnder en hiene in mooi feest yn it Everts-hûs!

Novimber 2016 hiene wy noch in keer it Everthûs ôfhierd. De eigen toanielploech stie noch ien keer op 'e planken! Dat wie tige bysûnder, der wie allinnich ien probleem: ús foarsitter Hâns Dijk spile sels mei yn it toanielstik:

"Twafertsjinners yn Twastriid"! In dûbelrol sa te sizzen. Dat koe fansels net, én foarsitter, én in toanielrol. Doe mocht ik him ferfange as foarsitter, in soarte fan fjoerdoop sa fiede dat doe foar my. En no acht jier letter is it in minder fleurige reden dat it bestjoer my frege de rol fan foarsitter op my te nimmen. It tiidrek Hâns Dijk is spitigernôch foarby. Wy sille as oerbliuwende bestjoersleden yn Hâns syn tinzen de kommende tiid iverje foar it behâld fan ús Krite! Wy hearre by in minderheid mar fiele ús net diskriminearre. Wy binne grutsk op ús Frysk wêzen en ús Frysk taal! Ik winskje jimme goeie Krystdagen en Folle lok en Seine foar 2025.

Oant sjen op ús gearkomsten yn it nije jier.

Klaasje de Vries-Suurd.



In Memoriam Hans Dijk

Us foarsitter Hans Dijk is op 26 juni j.l. ferstoarn op in leeftiid fan 81 jier. In foarsitter werfan der net san soad binne, altiid warbar foar us krite, neat wie him to folle. Eltsenien moast komme op de kritejounen.

Hy skille de minsken en helle harren desnoads op om der toch by te wêzen. Wolkom, wolkom en dan altiid in smout praetsje by de iepening. Hy makke verskes om to sjongen. Noege minsken út die wat mei Fryslân to krijen hienen. It sjongkoar en it toniel, ja wer hat hy net oan meidien.

De krite “Fier fan Hûs” mist Hâns as foarsitter. Hâns is geboren op 27 juli 1942 yn Sybrandahuis en stoarn op 26 juni 2024. Widner fan Henny Dijk-Troost. Mear dan 25 jier hat hy de lieding hawn oer ús krite, wy binne him der ivich tankbar foar.

Bestjoer en leden fan de Fryske krite fan Boadegraven

JIERFERSLACH FAN DE KRITEN ‘FIER FAN HUS’ BOADEGRAVEN 2023-2024.

Sneon 16 septimber 2023: FBoU 100 jierrich jubileum yn Wyksintrum SIO yn Swol. De kriteaktiviteiten begjinne al betiid yn it nije winterskoft. Want it Frysk Boun om Utens fiert harren 100 jierrich jubileum. In grut feest wer't alle kriteleden wolkom binne. Hiel spesjaal is dat oan it Boun it predikaat KENIKLIK útrikt wurdt. It is no dus KFBou! Ek is der in útjefte oan de oanwêzigen fan it Jubileumboek van it FBoU: 'It djippe wêzen fan de Friezen om utens'. Hâns Dijk (auteur) en Jitske Kingma (fan Utjouwerij Elikser) krije as earsten in eksemplaar oanbean. In Jubileumliet wurdt songen troch Grytsje Kingma en Rob Dujardin. It Bounskoar, gearstalt troch sjongers fan Swol, Boadegraven en Lelystêd, litte harren lieten klinke. Middeis is der it optreden fan Gurbe Doustra en jûns tot beslút it optreden fan



Ek bliene minsken matte yn 'e taal fan it hert lêze kinne.

Yn it foarjier fan 2024 is yn Snits in nije studio iepene foar it ynsprekken fan Frysktalige boeken troch de Kommearis fan de Kening yn Fryslân Arno Brok. Hy hat ek in Frysk gedicht ynsprutsen. It ynsprekken fan boeken makket de taal tagongklarer seit Arno Brok. Nieske Hoogland (73) is ien fan de ynspreksters. Yn Snits binne dat sa'n 25 minsken. Allegeare frijwilligerswurk! It moaie fan de nije studio is dat der by it ynsprekken fan boeken gjin technikus mear oan te pas komt. Foar it ynsprekken wurdt alles op de kompjuter ynregele.

Se is hiel bliid mei de nije studio fan de Christeljke Bibliotheek voor Blinden en Slechtzienden (CBB). Elts jier wurde hjir sa'n 23 boeken my Fryske titels ynsprutsen op in totaal fan 800 boeken. Der sit ferskil tusken sprutsen boeken en lusterboeken. Sprutsen boeken wurde neutraal ynsprutsen, mei ien stim en net mei aparte stimmen foar de ferskate persoanazjes. By de Bibliotheekservice Passend Lezen yn Den Haag (55.000 leden) kinne de 350.000 bliene en min sjende minsken yn Nederlân sa'n 1700 boeken yn de Fryske taal liene en 94.000 yn de Nederlânske taal.



CdK Arno Brok yn de gloednige opnamestudio. Foto: Niels de Vries



Wa hat belangstelling foar ûndersteande tiidskriften of boeken?

-
Fia Kees van der Beek (skriuwer fan it Frysk Bûn om Utens),
kriegen wy as Bestjoer it fersyk mei dizze tekst:

‘Uit de nalatenschap van mijn vader beschik ik over een collectie fries(talige) boeken.

Het zijn er meer dan 50 en redelijk oud (vanaf 1910).

Ook een volledige collectie friese weekbladen Sljucht en Rjucht (jaren 30) en It Heitelân (jaren 30)

*fryslan tijdschrift gezelschap friese taal (1920)
2 delen stads en dorps kroniek van friesland(1934)
Frysk Wurdboek (2 delen)*

Kunt u in de Krite hier iets mee of kent u iemand die ik hier een plezier mee kan doen?

hartelijke groet,
Theo de Vries, 0613900556
Interesse ? Skilje nei it 06 nûmer

Sneon 20 jannewaris 2024: Alg. Ledegearkomste mei snert en sprekker Age Veldboom.

Foarsitter Hâns Dijk iepent de gearkomste om 14.30 oere en hjit eltsenien wolkom yn it bysûnder Age Veldboom my syn partner. Hy sil ús fertelle oer it Skûtsjesilen en it Skûtsjemuseum yn Earnewâld. We sjonge it Nijjiersliet 2024 troch Hâns Dijk makke, begelied op ‘e piano troch Nico Woudstra en winskje elkoar in goed Nijjier. It útwreide ferslach is te lêzen yn de NIJSBRIEF fan MAART 2024. Hjir in koart ferslach derfan.

Meidielings:

1. Hâns hat kontakt hân my Erwin Timmerarends. Hy is Nederlâns kamioen Fierljeppen wurden en wennet yn Boadegraven. Oan him wurdt oan de ein fan de middei in Oarkonde útrikt mei lokwinken fan de Fryske Krite “Fier fan Hûs”.

2. Tskerketsjinst op 17 maart 2024, foargonger ds. Sara de Vries-Terpstra út Alphen a.d. Rijn.

3. Betinken ferstoane leden: Dhr. J. Wieringa, dhr. Jentsje Larooy, Nicolette van As-de Bruin en Bert Kooistra.

4. Hûshâdlike saken: It legaat fan mefr. Gini Zeinstra lit noch

efkes op him wachtsje neffens it Limes Notarissen Kantoor yn Alphen aan de Rijn.

5. Ferslach 2022/2023 troch skriuwer Tini Broere-Tiesinga wurdt goedkart.

6. Ferslach ponghâlder Theo Schiere: De krite is no in offisjele Feriening my Statuten; de kosten fan de Notaris en Keamer fan Keaphannel binne € 680,55. It saldo op de RABObank bedraacht € 1072,00 en op ‘e sparrekken € 1927,04.

7. Ferslach kaskontrôle Johannes Larooi: de kas sjocht der oersichtlik en moai út en freget de leden de ponghâlder te desjarzjearjen. Dit bart troch hantsjeklappen.

8. Nije rekkenopnimmer: Marjan Woudstra út Gouda.

9. Omfreegjen: der binne gjin fragen en hjirmei slut de foarsitter dit diel fan de gearkomste.



Age Veldboom: Net boarne yn Fryslân, mar wol opgroeit. Fan jongsôf oan belangstelling foar de sylsport en de skûtsjesilerij en is mei-oprjochter/rûnlieder fan it Skûtsjemuseum yn Earnewâld. Hy nimt ús fol entûsiasme mei yn syn ferhaal oer Skûtsjes eartiids en no.

In skûtsje is in houten of yzeren Fryske Tjalk. Eartiids: foar skipper/frouen/fammen/bern in swier libben. Mei it gesin wenje yn in lyts rûfke en dêr mast alles barre. By gjin wyn masten de frouen/bern rinne yn in seel om it frachtskip, by waar en wyn, te lûkken troch smelle wetterweagen. Dit duorre oant de 2de Wrâldoarloch.

Yn it skoft drinke wy in gleske op it Nije Jier! Hjirnei folgjet it 2de diel fan Age syn presintaasje: Skûtsjesilen no.

Wat is it ferskil tusken in skûtsje en in tjalk?: In skûtsje is lytser, mat bout wêze yn Fryslân en is net langer dan 20 mtr. In tjalk kin langer wêze. De silen binne fan katoen, wyt of brún. Se hawwe in fêste ôfmjitting.

Yn de 70er/80er jierren komt it toerisme op gang. De fakânsjes wurde langer en minsken binne yn steat om in tjalk of skûtsje te keapjen. Dan ûnstiet ek it wedstryd silen. Yn 1974 organisearde Reid de Jong út Workum foar it earst in strontrace. De winnaar krige de Woarkumer sulveren brijleppel. Ek toant Age materialen út it Skûtsjemuseum om syn ferhaal dúdlik te meitsjen. Ek hallet Age ferskatte sprekwurden oan die my skûtsjes te krijen hawwe sa as: hingje yn 'e line, my de kloaten foar 't blok, ens. En sa binne wy in stik wizer wurden oer skûtsjes en de silerij.

Al sjongende (liet makke troch Hâns Dijk) betankje wy Age Veldboom foar syn skitterende presintaasje en nimme wy ôfskie fan him. Wol ite se noch in boartsje snert mei.

Dan is it tiid foar it snertbuffet, fersoarge troch slachterij Kamerling út Boadegraven.

40 leden + 3 gasten wiene oanwêzich op dizze moaie gearkomste.

Fryske Tsjerketsjinst yn de Lutherkerk yn Boadegraven, snein 17 maart 2024 om 14.30 oere.

Mefr. Sara de Vries-Terpstra is dûmny fan de PKN tsjerke yn Alphen a.d. Rijn. Har is frege om foar te gean yn dizze tsjinst. Der is ek noch in kantori



Oanmeldingsformulier 15 Maart 2025

Oanmelde foar :

De teatrale foarstelling ELKAARS ANDERE op sneon 15 Maart 2025

Graach **úterlik 8 Maart 2025 € 12,50** betelje / oanmelde by de pônghâlder fan de Fryske Krite: REGIOBANK NL79 RBRB 8843 1626 91 t.n.f. Fryske krite Fier fan Hus.

Adres Theo Schiere: Buitenkerk 64, 2411 PC Bodegraven. Til. 0172-612455.

E-mail adres: z.schiere@kpnplanet.nl

KRYSTFEEST

Ingelen geduld hat Hy
eltse dei opnei
mei ús

Hy freget
sjoch om dy hinne
troch sjoch
wêr't it op oan komt

gean nei de stal
dêr It plakfûn
set dy dêr del en

wês wiis mei frede
yn dyn fermidden
iten genoch

wês wiis mei natuer
om dy hinne
ferwûnderlik

wês wiis freegje wisdom
foar dy jinge
dy't it sels net kinne

Ingelen geduld hat Hy
eltse dei opnei
mei dy.

Gedicht Aukje Wijma
2018.



OPROP OPROP OPROP

In skoftke lyn hat Nico Woudstra oanjûn gjin bestjoersfunksje mear te ambiearjen yn ferbân mei ôfnimmende sûnens. Dat is slim spytich, foaral foar Nico. Op 18 jannewaris sil Nico syn taken beskiber stelle. Mei it ferlies fan Hâns Dijk matte der no 2 fakatueres ynfolle wurde.

Dêrom docht it bestjoer fan de krite in **driuwende Oprop** oan de leden om him/har beskikber te stellen foar in bestjoersfunksje. It leafst foar 4 jannewaris 2025.

Ynformaasje by de foarsitter, Klaasje de Vries-Suurd of by de skriuwer, Tini Broere-Tiesinga of by Theo Schiere.

Oanmeldingsformulier 18 jannewaris**Opjefte foar de Algemene Ledegearkomste mei snert op 18 jannewaris 2025.**

Oantal persoanen: -----

Namme: -----

Adres: -----

Kosten € 15,00 de persoan. Til. Nûmmer-----

E-mailadres: -----

Dieetwinsken: -----

Oanmelde en betelje úterlik 10 jannewaris 2025 by de pûnghâlder fan de

Fryske Krite: REGIOBANK NL79 RBRB 8843 1626 91 t.n.f. Fryske krite Fier fan Hus.

Adres Theo Schiere: Buitenkerk 64, 2411 PC Bodegraven. Til. 0172-612455.

foarme om mei te wurkjen û.l.f. John van Gulik út Woerden. Oargelist: Gijsbert Kok. De kollekte wie bestemd foar Moldavië. Opbringt €.175,25. De opkomst telde 68 persoanen. De reaksjes oer de tsjinst wiene hiel positief. Minsken út ferskate plakken û.o. Rijswijk, Nijverdal, Nieuwegein, Alphen a.d. Rijn, Nieuwkoop en út de omkriten fan Boadegraven. Fia it kontakt fan Hâns Dijk mei it secretariaat fan de Classis Súd Hollân Súd binne in protte PKN tsjerken op 'e hichte brocht mei in skriuwen en een poster. Tini hat PKN-tsjerken yn Woerden en Oudewater oanskreaun en ek de RK parochies yn de omkriten oanskreaun mei dêrby in poster om op te hingjen. Een hiele organisaasje!
Yn 'e rin fan de wike dêrnei binne de net-fryske meisjongers betanke mei in Fryske lekkernij troch Geeke en Annie. Dirigint John van Gulik hat in dinerbon krige.

Filmmiddei 'Mata Hari' op sneon 20 april 2024, 14.30 oere, yn de NOVA Bioskoop, Boadegraven

Margaretha Zelle is berne op 7 aug. 1876 yn Ljouwert, Kelders 43. Se gong nei in elttaire skoalle. Neidat de hodsjewinkel failliet gong skieden de âlders. As puber wie der gjin lân my har te besilen. Se kaam telâne by in famylje yn Leiden en folge in oplieding ta kleuterjuf. Se krieche in ferhâlding mei de direkteur en war fan skoalle stjoerd. Se kaam yn de kunde mei in beropsoffisjier die yn Ynje wurke hie, troude, en kaam yn de heechste kringen terjochte. Dêrnei nei Ned.Indië wêr se ek ferkearde yn de heechste kringen en meidie oan feesten en partijen. It wie gjin goed houlik en harren 6 jierich bern war fergiftigd en stoar. Se skiede en kaam dermei finansjeel oan de grûn te sitten. Se gong nei Paris om mannen foar har tsjinsten betélje te litten. As Mata Hari dúnse se oeral yn de grutte skouboarchen fan Europa en kaam te wenjen yn in kasteel. Yn de 1ste Wrâldoarloch kaam se yn kontakt mei hege Dútske en Frânske generaals en liet har derfoar betélje. Op 15 oktober 1917, 41 jier âld, is se fusilearjet. In yndrukwekkend ferhaal oer dizze ferneamde persoan. 15 persoanen kamen nei de film.

Nije Leden m.v. maart 2024

Mefr. N. Westgeest-Nijdam, Korteraarseweg 71, 2461 GJ Nieuwkoop
Mefr. S. de Vries-Terpstra, Bergmolen 79, 2406 KW Alphen a.d. Rijn.

Ferstoarne leden

21 september 2023: dhr. Jentsje Larooy, Gouda:
12 oktober 2023: Bert Kooistra, Bodegraven

26 juni 2024 dhr. Hans Dijk, Bodegraven
 31 juli 2024: Mefr. Janny T. Greijdanus-Harkema, Vleuten.
 Bestjoersleden hawwe hjir op paste wize oandacht oan jûn.

Betanke as lid:

Mefr.
 ke
 rooy-

Tine-
 La-



Groosjohan, Gouda.

It bestjoer hat 6 kear fergadere:

24 okt. 2023, 29 novimber 2023, 11 jannewaris 2024, 20 jan. 2024 Alg. Ledegearkomste,
 15 febrewaris 2024 en 17 april 2024.

Planning 2024-2025:

12 oktober 2024: Optreden KNILLIS EN AFKE yn de Regenboogseal fan de Ichtustsjerke.
 18 jannewaris 2025: Alg. Ledegearkomste mei snert yn de Regenboogseal fan de Ichtustsjerke.

Ek dit jier rint it ledental wer tebek. It is nedich dat alle leden harren safol le mooglik ynsette om Friezen om Utens te benaderjen mei de fraach oft se ynteresse hawwe foar de Fryske krite. Alinne sa kinne wy bestean bliuwe!

Tini Broere-Tiesinga, Skriuwer. 11 novimber 2024.

Ferslach fan de kritegearkomste op 12 oktober 2024 mei KNILLIS EN AFKE

It bestjoer is al om 13.30 oanwêzich om de seal klear te meitsjen en Geeke Sprokkerieft en Annie Schiere binne al drok om tee/kofje te fersoargjen. Ek begroetsje wy Jelle en Anneke Heida (K&A) dy't ek al oankaam binne. Se krije meien kofje oanbeen. Dat smakket nei sa'n lange reis út Fryslân!
 De ynrin is tusken 14.00 oere en 14.30 oere. Eltsenien kin by de bar tee/kofje mei in koekje helje. Ek binne boeken te besjen en mei te nimmen. De krite hat se krige fan Brenda Greijdanus, een dochter fan Janny. Omtrint 14.30 oere folgje we fierder it programma.

Wolkom troch Klaasje de Vries-Suurd oan de oanwêzichen.

6. Ferslach kaskontrôle mefr. Marjan Woudstra
7. Nije rekkenopnimmer
8. Omfreegjen
9. Sluting.

Oanmelde en betelje foar 10 jannewaris 2025, sjoch it oanmeldingsformulier.

Kosten 15,00 de persoan.

It bestjoer sjocht út nei dizze geselliche gearkomste en om eltsenien te begroetsjen.
 Oant sjen op 18 jannewaris 2025!

Sneon 15 Maart 2025, 14.30 oere
Ledegearkomste mei Theatrale foarstelling
‘ELKAARS ANDERE’

Margriet Kemper en Froukje Reitsema wiene lang ferlyn buorfamkes. Froukje is berne yn Greanslân en Margriet yn Ynje. Ek doe wiene der dus lyk as no ferskate kulturen wenachtich yn Nederlân.

Tal fan ferskillen yn: úterlik, omgong, opfettingen, wieze fan klaai-ïng en taalgebrûk hearre dêrby.

Oer soksoarte fan ferkillen en de omgong dêrmei giet harren optreden. In nijskjirrich, oandwanlik en eigiendiensk programma.

It taalgebrûk is sawol Frysk as Nederlânsk! Eltsenien is fan herte wolkom!



Oanmelde: úterlik 8 Maart 2025 € 12,50 betelje sjoch it oanmel.

**UTNOADIGING FOAR DE ALGEMIENE LEDEGEARKOM-
STE OP SNEON
18 JANNEWARIS 2025 OM 14.30 OERE
Ichtuskerk, Stationsweg 17, 2411CK Boadegraven.**

Oan alle leden

De Jierlikse Ledegearkomste sit der wêr oan te kommen. Sa't wy dat al jierren went binne dogge wy dit ek dit jier yn kombinaasje mei de Nijjiersgearkomste my snert, roggebrea en spek. Wy ha wer kontakt hân mei Slachter Kamerling yn Boadegraven want hy sil it ek dit jier foar ús fersoargje. Wy litte it ús elts jier goed smeitsje en dêrom freegje wy him om wat ekstra snert te leverjen. Dus dat komt wol goed.



Mar foardat it oan it iten ta is geane wy earst mei syn allen in spul spyljen ûnder lieding fan Gerrita Otten-Onrust, kritelid fan Seist/Utert. Ek Gerrita is by ús bekend. Sei hat yn it ferliene ek al in gesellige middei fersoarge. Mar earst komme de húshâdlike saken oan 'e oarder.

Yndieling fan de middei

- 14.30 oere - wolkom mei tee/kofje, iepening troch foarsitter Klaasje en besprekken fan de húshâdlike saken
- 15.15 oere - 1ste diel spultsjemiddei troch Gerrita Otten-Onrust
- 16.00 oere - skoft en toaste op it nije jier mei in gleske wyn of frisdrank
- 16.30 oere - 2de diel spultsjemiddei
- 17.15 oere - klearmeitsjen fan it snertbuffet
- 18.00 oere - snertbuffet, roggebrea en spek
- 19.00 oere - úterlik 19.00 oere sluting troch foarsitter.

En hjirûnder dan de WURKLIST

1. Wolkom troch foarsitter Klaasje
2. Meidielings
3. Húshâdlike saken (legaat Gini Zeinstra)
4. Jierferslach 2023/2024 skriuwer Tini Broere-Tiesinga
5. Jierferslach ponghâlder 2023/2024

Dernei nimt Klaasje ús mei yn in **Betinken oan Hâns Dijk**, jierrenlang 'oantruner', entûsjast en betûft bestjoerder fan de krite. Yn 2022 it berjocht fan de sykte fan Henny, Hâns syn frou, en har ferstjerren. In swiere tiid foar Hâns. Mar hy naam de tried wer op. Yn it foarjier fan 2024 it berjocht dat Hâns wat letter nei de bestjoersgearkomste kaam. Hy brocht in besyk oan de arts. Wat der oan 'e hân wie, koe hy net sizze. De artsen masten it ûndersykje mar de bestjoersleden wiene tige besoargd oer Hâns. En doe it berjocht dat Hâns ferstoan wie. Dernei de begraffenis wer't leden fan de krite ôfskie fan him nimme koenen. Hâns is geboren op 27 juli 1942 yn Sybrandahuis en stoarn op 26 juni 2024. Widner fan Henny Dijk-Troost. De krite "Fier fan Hûs" mist Hâns as foarsitter.

Betinken Janny Greijdanus-Harkema, widdo fan Durk Greijdanus. Berne op 29 desimber 1939 yn Workum en ferstoarn op 31 juli 2024 yn Nieuwegein. Janny wenne jierren yn Vleuten. It ôfskie wie op 7 augustus yn it crematorium yn Bilthoven. Theo Schiere en Geeke Sprokkerieft binne út namme fan it bestjoer hjirby oanwêzich west. It wie in hiel moai en leafdefol ôfskie.

Betinken Wijtze Kornelis Boonsma, widner fan Coby Boonsma-Fok. Berne op 23 juni 1930 en ferstoar op 18 septimber 2024. Neffens de bern wie Wytze in echte wettersporter. Al jong hie hy in BM-er. De sylsport bleau him altyd ynteressearjen. Neidat syn frou Fokje stoarn wie kaam hy te wenjen yn in fersoargingshûs yn Reeuwijk. Der trof hy Stien wer't hy tegearre my har noch moaie jierren belibbe hat. Op 20 april kamen se allebeide op 'e scootmobiel nei de fertoaning fan de film 'Mata Hari'. Theo Schiere en Tini Broere hawwe te kondolearjen west yn de IJsselhof, Gouda.

Hjirnei binne wy 1 minuut stil.

Wy beslute dit betinken mei it sjongen fan it Frysk Folksliet: Frysk bloed tsjoch op!, 2 kûpletten o.l.v Dick Broere op 'e piano.

Meidielings bestjoer troch Tini Broere. Mei it ferstjerren fan Hâns hie de krite gjin foarsitter mear. Dat fielt ûngemaklik. Klaasje hat Hâns yn in eardere sykte periode ferfongen. Derom is yn de bestjoersgearkomste fan 28 septimber oan Klaasje de Vries frege oft sy de taak fan foarsitter op har nimme wol. Dat wol se wol mar wol my de gedachte dat se it nimmen kin sa Hâns. Hâns wie Hâns en ik bin Klaasje. De leden stemme mei in hanstje klappen yn.

Meidielingelêd. Tini docht in oprop oan de leden om foaral wat te skriuwen foar it kritekrantsje.

Wat hawwe jo meimakke, sjoen of lêzen. Hâns wie der betûft yn en skreauw oer de Fryske kultuer, makke gedichten, en oer saken fan it FBoU., ens.

Sneon 18 jannewaris 2025 is de Algemeine Ledegearkomste mei snert iten en kwismaster Gerrita Otten-Onrust. Set dit fêst yn jimme bûsboekje.

Nije bankrekken. Ponghâlder Theo Schiere dielt my dat it net mear mooglik is om de rekken bij de Rabobank oan te hâlden yn ferbân mei ferskerpte rigeljowing fan banken en it regear.

De nije bankrekken is in saaklike rekken by de **REGIObank yn Boadegraven: NL79 RBRB 8843 1626 91 t.n.f. Fryske krite Fier fan Hus.**

Oant it ein fan oktober kin kontribúsje noch oermakke wurde op de âlde bankrekken. Dernei wurdt de rekken opsein.

Optreden KNILLIS EN AFKE.

Hjir hawwe wy nei útsjoen. En op dat stuit komme se binnen.

AFKE set meien út ein: wat hawwe wy in reis makke hielendal út Terwispel yn Fryslân. Se sit lekker yn har rol oer de feroarjende tiden dewiel KNILLIS wat omskarrelt om stoallen en akkordeons klear te setten. Sit-tend op syn stoel sa no en dan yn te stemmen mei AFKE's konklúsje dat it Optreden KNILLIS EN AFKE.

Hjir hawwe wy nei útsjoen. En op dat stuit komme se binnen.

AFKE set meien út ein: wat hawwe wy in reis makke hielendal út Terwispel yn Fryslân. Se sit lekker yn har rol oer de feroarjende tiden dewiel KNILLIS wat omskarrelt om stoallen en akkordeons klear te setten. Sit-tend op syn stoel sa no en dan yn te stemmen mei AFKE's konklúsje dat it net mear is sa os jiertiids. Doe koene je noch mei in strippekaart yn 'e bus stappe. Wat matte jo der no allegearre net foar dwaan om een persoanlike pas oan te freegjen. En je matte mei, oars komme jo nergens mear. En sa belibje we mei hoe KNILLIS en AFKE harren oanpasse matte yn 'e wrâld fan kompûters. Niks mear mei de brief oanmelde of persoanlik in ôfspraak meitsje.

Nei it skoft komme se binnen mei in bernewein mei deryn in poppe.

Hilariteit hoe't AFKE mei de boppe omgiet en har rol foartreflik spielet

oer de tiid dat der noch katoenen ruften brûkt waarden en hoe oft de minsken der yn dizze tiid mei omgeane.

KNILLIS rêstich op 'e eftergrûn dit meispyljend.

Sa no en dan wurdt it spyljen ûnderbrutsen mei akkordeonmusyk.

Se beslúte it optreden mei musyk fan de Wâldsang: 'Moai sûnder wergea binne de wâlden', wat wy dernei ek meielkoar sjonge as ôfsluting.

Grutte wardearing foar de rol dy't it selskip op profesjonele wize brocht. Dit war ûnderstreeke mei in bosk blommen troch Klaasje en Geeke.

It wie in moaie middei. Hiel ferfelend foar de oanwêzichen, mar ek foar it selskip KNILLIS & AFKE dat de microfoan net goed ynsteld wie. Foar it skoft wie AFKE foar sommigen net te ferstean mar dat lei net oan har! Nei it skoft, sûnder microfoan lukte dat in stik better.

Der wiene 25 leden nei de gearkomste kaam. Troch sykte mast Felicia Roose har ôfmelde.

Tini Broere-Tiesinga,
Skriuwer, oktober 2024.

